FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

→ 120305.FFUbr.

Oan:
It Kolleezje fan Deputearre Steaten
Provinsjehûs
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Drachten, 05-03-2012

Underwerp: noch gjin reaksje fan DS op ús brief fan 22-12-2011 oangeande in steatsrjochtlik ûndersyk nei it plaknammebeslút fan Wymbritseradiel

Rju achte kolleezje fan Deputearre Steaten,

Op 22-12-2011 hawwe wy ús as *Feriening Frysk Underwiis* mei in brief ta DS rjochte dêr't wy ús soarch yn útsprieken oer hoe't de nije fúzjegemeente Súdwest-Fryslân de oerienkomst oangeande it Fryske taalbelied útfiert. Wy hawwe ús dêrby oansletten by in oprop fan de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* (TWF) om in ûnôfhinklik steatsrjochtlik ûndersyk ynstelle te litten nei de gong fan saken op it stik fan it ynfieren fan Frysktalige plaknammen yn dy gemeente. It wie ús slim yn 'e wei, dat troch in manoeuvre fan it kolleezje fan de nije gemeente Súdwest-Fryslân in demokratysk nommen riedsbeslút fan de gemeente Wymbritseradiel nét útfierd waard. Wy hawwe doe in berop op jimme dien om derop ta te sjen dat dat beslút wól útfierd waard.

Wy hawwe fan it oanbelangjende brief ôfskriften takomme litten oan de gemeente *Súdwest-Fryslân* en *Provinsjale Steaten*. In pear dagen letter, op 28 desimber 2011, krigen wy in formeel ûntfangstberjocht fan de gemeente. En op 12 jannewaris 2012 krigen wy in ynhâldlike reaksje fan it *Steatekomitee Frysk*. Yn it brief fan it steatekomitee wurdt ús meidield dat it oan "Deputearre Steaten is om te sjen hoe't de oerienkomst oer it taalbelied útfierd wurdt. Wannear't de hannelwize fan Deputearre Steaten net yn oerienstimming wêze soe mei de neamde oerienkomst, komt de rol fan Provinsjale Steaten earst oan de oarder."

Wy binne no al in pear moanne fierder en wy hawwe oant no ta noch neat heard fan *Deputearre Steaten*. Wy hawwe dus gjin idee hokfoar ynformele en formele aksjes oft der al west hawwe of der oan stean te kommen.

Dat muoit ús wol. Benammen omdat wy pas op 15 juny 2011 in reaksje krigen hawwe op in *FFU*-brief (d.d. 1 septimber 2008) fan sân siden oan DS en PS oer it *ferplichtsjen fan it Frysk yn it mbû*.

Omdat in reaksje op ús brief fan 2008 lang útbleau, hawwe wy mear as twa jier letter fannijs in brief fan 3 siden oan DS en PS skreaun mei in wat widere strekking (d.d. 26-11-2010) oer it (1) *ferplichtsjen fan it Frysk yn it mbû* en in sintrale eksaminearring dêrfan op grûn fan benammen taalpolitike arguminten. Fierders stelde it brief dat (2) it *ûntwikkeljen fan beropsstanderts* foar fmbû/mbû-learaars dy't Frysk jouwe, winsklik is en (3) dat it opnimmen fan de *Fryske kanon yn de pâbû-programma's fan de Fryske hegeskoallen en in sintrale toetsing* dêrfan oan de ein fan it

skiednisprogramma needsaaklik is. De lêste sin fan ús brief wie: “Fansels binne wy as *FFU* ree en redendiel fierder mei de Provinsje oer boppesteande punten. Boppedat soene wy in ynhâldlike reaksje fan de Provinsje op dit nije brief en dat fan 2008 tige op priis stelle.”

Op it lêste *FFU*-brief (d.d. 26-11-2010) is, mear as in heal jier letter, op 15-06-2011, út namme fan DS antwurde troch mefr. G. Kraak, haad fan de ôfdieling Sosjaal-Kulturele Identiteit. Mefr. Kraak skriuwt ús: “Tige tank foar jo brief oer it Frysk yn it beropsûnderwiis, by ús ynboekt ûnder dokumintnûmer 928697. It muoit ús tige dat jo noait in reaksje krige ha op jo brief fan septimber 2008. Wy hoopje dat mei dit brief goed te meitsjen.”

Yndied is der doe yn jimme brief fan 16 juny 2011 yn seis punten ynhâldlik yngongen op de kwestjes dy’t wy yn ús brieven fan 1 septimber 2008 en fan 26 novimber 2010 by jimme kolleezje op it rabat brocht hiene.

Wy soene it lykwols tige op priis stelle dat wy net wer sa lang wachtsje moatte as by de boppeneamde brieven. De saak is der te wichtich foar. Meie wy ynkoarten in ynhâldlike reaksje op ús brief fan 22 desimber 2011 yn ’e mjitte sjen?

Mei rju achtinge,
foar de *Feriening Frysk Underwiis*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer FFU*

Ofskr.: PS